

Doch dyn plicht
en lit de lju
mar rabje

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Windmolens

'Milieu is mijn passie.
Het is een onderdeel van
mijn leven geworden'

Pagina 3>



Iepen dei

Japanners op de wurkflier by
Technisch Metaalbedrijf De Jong
yn Wommels

Pagina 7>



It Fûnemint

De bern leare dat in goed
moarnsmiel it bêste begjin
is fan de nije dei

Pagina 11>

Kuierje troch boerelân; Nij libben foar it leafdespaadsje

Lollum – De wat âldere Lollumers witte it noch. Sneintemiddeis wie de jongerein te finen op it leafdespaadsje. It wie de kombinaasje fan efkes rinne en by-inoar wêze en stikem hoopje op ferkearing. Dat leafdespaadsje makket no diel út fan de kuierrûtes, dy't troch it boerelân by Lollum útsetten binne. Boargemaster Jannewietske de Vries fan Súdwest-Fryslân naam ôfrûne sneon de offisjele iepening foar har rekken.

Troch Hinne Bokma

It idee waard earder oppere troch ynweners fan Lollum en it stie letter yn de Doarpsfyzje: wat soe it moaie wêze as der wer in slach troch it lân makke wurde koe. In spesjale kommisje gong der mei oan de slach. Der waarden rûtes troch it lân útsetten en der wie oerlis mei de boeren, dy't romhertich harren meiwurking taseinen.

Trije rûtes waarden der betocht. It giet om it rûntsje Om de Draai, mei in lingte fan 1,9 kilometer, it rûntsje Hizzard (3,1 kilometer) en it rûntsje Rewerdstate (2,9 kilometer). Op de rûtes lizze de poldermolen Meerswal, in plasdrasgebiet en de Hubertustsjerke.

Foarôfgeand oan de offisjele iepening, dy't bestie út it trochknippen fan in lint, wie der yn doarpshûs De Nije Haven yn Lollum in feestlike gearkomst, dêr't foarsitter Jan van der Kuur fan Doarpsbelang Lollum-Waaksens, Durk Reitsma fan de kuierpadenkommisje en boargemaster De Vries koart it wurd fierden. Dêr waard de winsk útsprutsen dat it yn de takomst net bliuwt by dizze trije paden, mar dat der mear rûtes iepensteld wurde. Boargemaster De Vries joech oan dat it prachtich is om yn it boerelân te wêzen en dat it Lollumer inisjatyf in bydrage leverje kin oan de ferhâlding boer-natuur.



Boargemaster De Vries knipt it lint troch en iepent de kuierrûtes troch it boerelân.

Blokjerinner, tribunebouwer, keatser, taskôger en no foarsitter Tjeerd Dijkstra grutsk op syn nije 'baantsje' by de Freulepartij

Wommels – Hy is der grutsk op dat se him frege hawwe om foarsitter te wurden fan de Stichting Freulepartij Wommels. „Dat is in gefoel, dat is net goed te omskriuwen”, seit Tjeerd Dijkstra út Easterein. Al is er noch mar in goed wike foarsitter fan de belangrykste jongespartij fan it jier, hy hat der al fjouwer gearkomsten op sitten. „It fielt gelyk goed. Ik bin der yn de holle eltse dei mei dwaande.”

Troch Hinne Bokma

Tjeerd Dijkstra hat wat mei it keatsen yn it algemien en de Freulepartij yn it bysûnder. Eins hat er syn hiele libben op de iene of oare wize by de Freule belutsen west. Tjeerd is hikke en tein op in pleats yn de Súdhoeke by Wommels. As jonkje fan in jier of tsien kaam er op de Freule as blokjerinner yn aksje. Letter wie er as frijwilliger belutsen by de opbou fan de tribunes. „Dêr wiene wy doe noch trije wike mei dwaande.”



Tjeerd Dijkstra: 'Freule is in podium en bepaalt mei de takomst fan it keatsen'

Twa kear fertsjintwurdige hy Wommels as keatser op de Freule. Yn 1979 wie dat mei Henk Ruiter en Auke Eringa en yn 1980 foarme er mei Cees Punter en Cornelis Kappe it Wommelser jongespartoer. It earste jier rekken se der yn de earste omloop al ôf tsjin Dronter, mei de bruorren Bert en Pieter Smedinga. It jier derop waard yn de tredde omloop ferlern fan Boalsert. Syn soannen Bauke en Jelte Pieter diene letter foar Easterein mei oan de Freule en skoansoan Pieter Sybren Scharringa wûn yn 2009 foar Wjelsryp de jongespartij. Dijkstra (55) is al jierren bestjoerlik aktyf yn de keatswrâld. Hy wie alve jier foarsitter fan de Keatsferiening Easterein en makke njoggen jier diel út fan it haadbestjoer fan de KNKB. Dat er dan no by de Freulepartij as foarsitter oan de slach mei, fynt er in grutte ear. „Mar it is net in earebaantsje. It giet net om ús, it giet om de keatsers, dy moatte yn it middelpunt stean.”

De Freule kin profitearje fan

syn netwurk, dat er yn de rin fan de jierren yn de keatswrâld opboud hat. Hy neamt de Freulepartij in ynstitút, mei in hiel bysûndere sfear. „It is net in evenement fan Wommels allinne. De frijwilligers, en dat binne der twahûndert, komme út de regio.” Dy frijwilligers sille syn omtinken freegje, lykas de relaasje mei de Keatsferiening Wommels en it gemeentebestjoer fan Súdwest-Fryslân. „De Freule is hillich. It is úthingbuord foar it jongeskeatsen. It is in podium en bepaalt mei de takomst fan de keatssport.”

TECHNISCH METAALBEDRIJF
DE JONG B.V.
W O M M E L S

Iedereen die wil kennismaken met hightech
in de metaalindustrie is van harte welkom op ons

OPEN HUIS

zaterdag 24 november

MEARKE WINSUM 2018

RONJA DE ROVERS DOCHTER

25 NOVIMBER OANT EN MEI 2 DESIMBER

MFS DE HELLING WINSUM

KAARTFERKEAP - WWW.MEARKE.NL - 0517 341344

MEARKE
WINSUM